

O himels ljocht dat myn bestean trochskynt

1

O himelsk ljocht dat myn bestean trochskynt,
myn eagen binne _as finsters op it easten,
yn gloede set, de neare nacht ferdwynt,
ik priizje Him dy't komt om ús te treasten.

2

Ik stek myn earms nei dizze sinne út,
om fan Gods Soan in glimke te ûntfangen.
Hjir, yn it hûs fan God, hjir heart Hy thús,
de reine toarteldo dêr't ik nei lange.

3

Gâns minsken sille – sa is it foarsein –
foar altyd oer dit lytse jonkje falle.
Gâns oaren lykwols komme wer oerein,
dy't yn dit godlik teken leauwe wolle.

4

Treast, treast myn folk: God sprekt syn ivich Wurd.
Ik kin it suver mei myn hannen reitsje,
– en troch dyn siel, Marije, giet in swurd –
o ljocht dat ús beljochtet en ûntheist'ret.

5

Heidens en hilligen, lit har ferstean
de wierheid fan de âlde prystersegen.
Kear ús jo antlit ta, o Hear, wy gean
troch Jo behoede _yn frede al ús wegen.

tekst Ria Borkent – ‘O hemels licht dat mijn bestaan doorschijnt’
oersetting David de Jong
meldij Dirk Zwart